

## Doch-it-Sels Poëtiside Deadsberjocht

[lûdop, by it romjen fan wurk fan dichteresse & dichter]

ik ha gjin fet mear op spul & diksje  
en fersaakje soks fan 'De Oaren' ûngedien te meitsjen  
fynsten glûpe my troch de fingers  
wurden ferwylje yn it iepen fjild

(it lêste barren dat ik registrearre om oer te dichtsjen wie de bûnige leafde fan in famke foar  
har knyn, al wie it bist opsletten, tsjinoer it berjocht fan de searjemoardner dat it him  
ferwûnderet hoe't minsken, wylst op de hichte, libje wolle mei "It Witten")

hawar, ik set ôf

likegoed  
gjin noed, och heden nee  
yn in gat inkeld en allinnich smûk (oars dan de neatigens fan Dante's plak)  
dêr set ik my ta wenjen  
aanst  
tegearre mei dichteresse freondinnen & dichters maten

*'... soargeleas begjin ik oan it iepen paad ...'*

geandefoets fan alle kanten lûd  
paupers dy't mei paupers in pypfol prate  
helder, gjin waan en sljochtsinnigens  
oer it waar, in grapke  
of 'dû sjochst der goed út hjoed'- 'koartlyn noch op it poadium?'  
en sûntsjes dochs oer de nije bondel  
sûntsjes oer de tsjutting yn ús fersen  
heare godskes! dat wy wisten wêr't elkenien hinne gong - wat elkenien by de ein hie  
de arbeider ûnderweis  
de waskfrou op de bleek  
it bêrn op it doarpsplein  
de boadskipjonge op wei nei mefrou  
de loads yn de haven  
de dûmny dy't in pypfol oer de deaden praat

ús ôfsetten kundiget gjin reboelje oan  
wy reizgje yn frede  
glimkje om 'De Oaren'  
ferromme yn har nije klaaiïng  
sa't de slang âlde hûd útsmyt, ferfellet  
en har waarme lichem troch de hannen fan de sigeuner glydt  
dy't foarseit  
wylst ik dit skriu  
stiet boppe myn holle sûnt koart de stien fan smert berne troch de berch sûnder namme